

MIEN SKIPLIKE DEALER

FERDINAND
DE JONG

roman

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân.

© 2025 Ferdinand de Jong | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Barbara Jonkers

Foto auteur: Anne Bekkema

ISBN 978 94 6471 435 7

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannich-
fâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy,
mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming
oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, Hellingbaas 1, 8401 JH
De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl



PROLOOCH

De seal is leech. Hy docht de ljochten út, inkeld de grienferljochte kastjes dêr't de útgongen op oanjûn wurde, bliuwe oan. Nei al dy jierren hat er net folle ljocht nedich om it paad te finen. Hy lûkt de dûbele doarren iepen nei de kelder, in grutte romte ûnder it toaniel fan likernôch tolve by seis meter. Yn de romte steane ynstallaasjes foar de trekkenwand en luchtbehandeling, boppedat is it in wurkpleats dêr't apparaten steane dy't je as techneut yn in teater wolris brûke moatte. Hy rint nei ien fan de kasten dêr't ark yn leit, lûkt him wat nei foaren en docht op gefoel in taast achter de kast. En noch in kear. En nochris... Dan krijt er syn mobyl, docht it ljochtsje oan en skynt achter de kast. Hy wurdt sa wyt as kryt.

'It hat hjir neffens my wolris ljochter west,' foetert Lenny Staal, as er mei muoite syn grutte Dodge Ram Van yn in parkearhaventsje manoeuvrearre hat, flak by de Herenwalsterbrêge. Hy stapt út en sjocht oer de Kolk it pankoekskip De Klipper yn de Hearresleat lizzen. It is 47 jier lyn dat er hjir foar it lêst stie, doe hjitte er al hast tweintich jier Lieuwe, mar dat bekket net oan de oare kant fan de oseaan. Achter him heart er in klik, in man mei in hûn rint op him ta. It bist wol by him opspringe, mar it meganyk yn de hûneriem foarkomt dat er by him komme kin. Se rinne sûnder wat te sizzen foarby. 'Ek goeie, seine wy earder wolris,' mompelet Lenny krekt wat te

lûd. De man draait him om en sjocht him yn de skimer fan de maitiidsjûn oan. ‘Goeie, ik bin der stadichoan oan wend dat as ik wat sis der neat werom sein wurdt, dus sis ik meast ek mar neat mear.’

‘Aha. Dus hjir ek al,’ knikt Lenny.

‘Wêr noch mear dan?’

‘Buffalo.’

‘Dat leit krekt even fierderop,’ seit de man, dy’t syn hûn mar amper yn de stringen hâlde kin.

‘Mei oerstappen der by rekkene goed âlve oeren fleanen, om krekt te wêzen.’

‘En no even hjir yn It Feen?’

‘Ja, even,’ seit Lenny ôfwêzich. Hy stoarret yn de rjochting fan it Posthuis Theater. ‘Wat is it hjir allemachtich tsjuster, je sjogge sawat neat!’ prottelt er dan.

‘Jo binne net de earste dy’t dêroer klaget. De kosten fan de enerzjy moatte nei ûnderen en de nachtbisten meie net ferblinke wurde, dus ha we nije ferljochting mei minder ljocht krigen,’ leit de man mei de hûn op licht sarkastyske wize út.

‘Ik tocht dat ik hjir fan datsoarte gejeuzel ôf wêze soe,’ fersuchtet Lenny.

‘Ferjit it mar. Ik winskje jo in moai skoftsje ta, It Feen falt fierder wol ta, hear.’ Lenny sjocht oan de oare kant fan it wetter immen mei de fyts oan de hân rinnen en ferjit wat tsjin de man te sizzen. Dy rint skodholjend troch yn de rjochting fan it stasjon, neidat er de hûn in aai oer de kop jûn hat.

Yn it Amelius van Oenemaparkje tusken de Kolk en it Posthuis steane in pear bankjes oan de râne fan it wetter. Lenny sjocht dat de persoan de fyts yn de stalling by de glêsbak set, op slot docht en dêrnei op ien fan de bankjes sitten giet. Hy sjocht op syn klokje en in huver giet him oer de lea. Mei de tomme en wiisfinger fan syn rjochterhân wriuwt er oer it plak oan syn ringfinger fan de linkerhân, dêr’t noch

goed de ôfdruk te sjen en te fielen is fan de trouwing, dy't er der in wike as wat lyn troch in juwelier ôfknippe litten hat, omdat er te fier it fleis yn groeide. Syn kar om de ring net oan de rjochterhân te dragen hat flak nei syn trouwen yn syn famylje koart it petear fan de dei west, mar Lenny wie net op oare gedachten te bringen. Hy krijt syn brúnlearen beurs, ritst it achterste fekje iepen en hellet der in ferware stikje papier út. As er it iepenteart, leit der in sulveren kettinkje. Lenny sjocht in skoft nei it hingerke en dan nei it parkje oan de oare kant fan it wetter. Mei soarch stoppet er alles wer yn de beurs, sjocht om him hinne oft nimmen it sjoen hat en glimket. Sels nei mear as 45 jier bliuwt dat de fêste rûte.

In wike earder

It kin krekt, even yn de lijte bûtendoar sitte. De sinne skynt oer it wetter fan de Feanskieding, de boufakkers dy't de lêste hân oan it nije Heerenhage lizze, ha dizze freed it wurk in oerke as wat earder dellein. Hanna Klingberg-Dotinga triuwt de skodoar nei it terras foar de earste kear dit jier iepen. Se snúft de frisse lucht djip yn har longen. 'Soe dy ivige hjerst dan no einliks wer ris oer wêze?' freget se. Der komt gjin antwurd. Se set in stoel yn de iepening en krijt it pantsje dêr't in apel yn partsjes op leit. De mobyl op de iene leuning, de flaubyt op de oare. Der swimme ûnder lûd snetterjen in stik as wat eintsjes foarby, dy't de maitiid yn de kop ha. Trije jerken tingje op net al te sêftsinnige wize nei de geunsten fan ien wyfke. Hanna tutet de lippen en sobbet op in stikje apel. Foar de wâl leit it lytse kruserke te wachtsjen op moai simmerwaar en immen dy't der mei te farren wol.

Hanna skrikt wekker fan de klep fan de brievebus, se sjocht dat se minstens in kertier fuortsukkele is en gniist der om. Neist har yn de iepening fan de doar sit in grutte swarte kat te spinnen. 'Gjin soarch yn de wrâld, no?' mompelet se. As se stean giet om it pantsje nei it oanrjocht te bringen, sjocht se dat ien fan de trije jerken de striid blykber wûn hat en it wyfke trêdet. Se rûgelt wat brokjes yn in bakje en set it op it terras. De kat kreaket it iene nei it oare brokje tusken de toskan. De wyn is frisser as dat Hanna tocht en se lûkt de doar mar wer ticht. Op de matte yn de gong leit ien slúf. Op de kant dy't se sjen kin, stiet neat. As se him opkrijt en omdraait, itselde ferhaal. In slúf sûnder postsegel, adresgegevens en ôfstjoerder. Se docht de foardoar iepen en sjocht de dyk del, mar der is gjin folk op 'e lappen. 'Soa, Siebe Klingberg, in blanko skriuwen. Wat soe dit betsjutte, wat tinkst?' seit se tsjin de grutte foto mei har man der op, dy't grutsk achter it stjoer

fan it kruserke sit, mei syn ûnôfskiedlike Amerikaanske pet op, dêr't in H op stiet. Hanna krijt de lêsbriil fan de Action en set him op de noas, wylst se mei in earpelskylmeske it kefert iepensnijt. Der stiet net folle tekst op, mar wol genôch foar Hanna om wyt fuort te lûken. Se giet op de stoel sitten en sjocht oer it wetter nei it flakke lân oan de Vogelzang. In auto mei reklame rydt oer it Ketting, dat eins allinnich foar fytters bestimd is. Even letter sjocht Hanna dat it om in meiwurker fan it Wetterskip giet. Hy skarrelt yn in giel hesje wat by it gemaaltsje om, sa te sjen deadet er de tiid oant it foar him ek wykein is, bot folle komt him teminsten net troch de hannen.

Hanna sit mei har mobile telefoan yn har hân, mar se docht der neat mei. It briefke yn de oare hân hat wol har belangstelling, foar de safolste kear lêst se de pear wurden dy't der op steane en dêrnei sjocht se in hiel lang skoft nei de foto fan har man. Neist de foto stiet in doaske mei twa trouwingen te pronk. Hanna krijt it op en skoddet der foarsichtich mei. De ringen sitte fêst yn blau feloers, mar dochs rattelt der wat yn it bakje. Mei soarch set se it werom op it fêste plakje, neist de foto.

1

It jier 1978, Buffalo yn de steat New York

Lieuwe Staal dûkt sa fier as er kin yn de waarme kraach fan syn duffel. De snie jaget troch it Cobblestone District yn it hert fan de stêd. Nettsjinsteande it wrede winterwaar is it drok op strjitte. Ien grutte stream oan folk rint nei de yngong fan The Aud, sa as de minsken it Buffalo Memorial Auditorium ôfkoartsje. It is Lieuwe syn earste besite oan it gebou, dêr't jûn de iishockeyers fan de Buffalo Sabres it opnimme sille tsjin de Vancouver Canucks. Lieuwe is mar krekt op tiid om in kaartsje te bemachtigjen, it stadion is mei 16.433 taskôgers stiif útferkocht. Op syn fraach oan de jongedame achter de kassa oft dat altyd sa is, komt in befêstigjend antwurd. 'De measte minsken keapje in seizoenkaart om der wis fan te wêzen dat se plak ha,' laket se. Se hat in kaartsje op har jaske dêr't Becky op stiet. 'Do komst hjir net wei?'

Lieuwe skodhollet. 'Ik wenje hjir noch mar in pear moanne.'

'Wêr komst wei?' De net ûnkreaze kassa-meiwurkster docht krekt as sjocht se de rige achter Lieuwe net.

'Nederlân. Of eins Fryslân, witst it ferskil?' freget er.

Se lûkt har holle in bytsje skean. 'Miskien wol. Mar ik moat no de rest fan de minsken helpe.' Se sjocht even goed

op Lieuwe syn kaartsje foardat se it him jout en krast wat ûnwerkenbere tekens op in stikje papier. ‘Moaie wedstriid tawinske!’

‘Tank,’ seit Lieuwe, wylst er it kaartsje yn de binnenbûse fan syn jas triuwt. It is binnendoar lekker waarm, op de plakken foar de kassa’s dêr’t de minsken steane te wachtsjen, foarmje har plassen wetter, ôfkomstich fan de snie dy’t it folk fan de skuon, jassen en mûtsen ôf begjint te ranen. As Lieuwe troch de kontrôle is en foar de earste kear yn de hal komt, falt de mûle him hast iepen. Hy is grut leafhawwer fan de sport, mar de grutte fan dizze hal is krekt even wat oars as de iishockeyhal fan Thialf, dêr’t er oars winterdeis ge-regeld komt. ‘Kaam,’ mompelet Lieuwe, as er dêr even oan tinkt. Doe’t syn heit en mem him in jier lyn fertelden dat de kâns grut wie dat se om heit syn wurk nei de oare kant fan de Atlantyske Oseaan ferhûzje soenen, wie er dêr net bliid mei. Safolle feroarings, neat foar Lieuwe. Mar geandewei waard it him wol dúdlik dat heit net fan syn plan ôf te krijen wie. Dy krige de kâns om foar in grutte firma yn sperma fan Holstein kij te wurkjen. Lieuwe snapte syn heit ek wol; begûn as ge-woan ynseminator en him hielendal opwurke, oant er op in plak kaam dêr’t er yn Nederlân net heger komme koe. Doe’t de direkteur fan it ynternasjonaal wurkjende bedriuw him op in dei frege oft er him dwaande hâlde woe mei it fergrut-sjen fan de kennis oer de merk fan it bedriuw yn Kanada en Amearika, wie dat foar Lieuwe syn heit de kâns om noch ien kear in grutte stap te meitsjen. As wenplak keazen se Buffalo, omdat it flak by de Kanadeeske grins leit en flak oer dy grins wenje ek in soad feeboeren dy’t fan Nederlânske en Fryske komôf binne. Lieuwe syn heit woe him yn earste ynstânsje op dizze merk rjochtsje, om sa boartsjendewei de taal better te behearskjen as dat er op syn Cambridge-kursus learde.

Lieuwe siket syn plakje yn it stadion. It wie net it meast djoere kaartsje en dus bedarret er ergens heech op de twadde ring, mar dat jout wol in prachtich oersjoch oer de baan. De minsken komme mei ûnbidich grutte bekers kola en bier de tribune op en kôgje der popcorn by. Dat drinken moat der ek wer út, it is sels ûnder de wedstriid in kommen en gean fan supporters, dy't nei de besite oan de wc mei noch mear drinken en iten weromkomme. De spilers ha de warming-up al dien en de baan wurdt troch de Zamboni klearmakke. As de beide teams mei in soad show it iis opkomme, klinkt der in orkaan fan lawaai troch de hal. De Kanadeeske en Amerikaanske folkslieten wurde song troch in lokaal bekende sjongeres, guon minsken hâlde de hân op it hert en ha de triennen yn de eagen.

De stoel neist dy fan Lieuwe is skynber net ferkocht, hy bliuwt ûnder de earste perioade leech. Neidat hast 18 fan de 20 minuten yn de iepenings-perioade spile binne, sjit Gerry O'Flaherty de besikers út Vancouver op 0-1. As de gûnzer de ein fan it earste bedriuw oanjout, streame de tribunes leech en de sanitêre foarsjennings fol. Lieuwe is net sa'n bierdrinker mei dit kâlde waar, mar yn de hal is it waarm en dat makket toarstich. As er mei in heale liter Labatt's Blue syn stuoltsje wer opsiket, sjocht er dat it plak njonken him no ek beset is. Hy kin gjin minske yn it stadion, útsein de persoan dy't dêr sit. It is de jongedame dy't him it kaartsje ferkocht hat. Se is no klaaid yn in brune learen jas mei in wite bûntkraach, in donkerblauwe spikerbroek en in pear bypassende waarme learzens. 'Ik ha mar ien glês bier,' seit Lieuwe ferûntskuldigjend. 'As ik my net fersin hiesto krekt in kaartsje op dyn jas dêr't Becky op stie?'

Se glimket. 'Meastal kin ik sûnder werkend te wurden samar ergens sitten gean.'

'Okee. Ha se hjir dan kollektyf stront yn de eagen?' laket Lieuwe.

‘Ik ha net hielendal de wierheid sprutsen,’ seit Becky dan yn it Frysk, mei in wâldster aksint. ‘Ik hjit eins Boukje en wit hiel goed wêr’t Fryslân leit.’

‘Aha, dêrom sietst myn kaartsje te bestudearjen,’ seit Lieuwe drûch.

‘Sa faak hear ik gjin Ingelsk mei in geef Frysk aksint, soks freget om neier ûndersyk,’ bekket se werom. Sûnder wat te freegjen krijt se de heale liter Labatt’s lager út syn hân en nimt der in pear slokken fan. ‘Mocht wol, dochs?’ seit se mei in ûndogensk gesicht. Lieuwe giet njonken har sitten en knikt. ‘Dan hear ik no te freegjen wêr ast weikomst en fan wa ast ien bist, mien ik?’

‘Ja, sa sawat.’ Der komt fierder gjin antwurd, it lawaai yn de hal boazet oan as de spilers it iis wer opkomme. De twadde perioade is amper 23 tellen los as it stadion kompleet út syn dak giet, Don Luce skoart de lykmakker. ‘Hoe hjitsto eins?’ freget Becky.

‘Lieuwe Staal.’

‘Lieuwe? Dat kinne se hjir net útsprekke. Do silst wat oars betinke moatte,’ seit Becky.

‘Lieuwe is dochs net sa dreech?’

‘Och heden, fertel dat dy Amerikanadezen mar ris. Dy fine alles dat fan oer de grins komt net om út te sprekken.’

It wie Lieuwe al opfallen dat minsken him hast net mei syn namme oansprekke, mar meastal mei do, jo of hy. ‘No, asto it dan sa goed witst, meist ek in namme betinke,’ seit Lieuwe in bytsje stikeljend. Becky hâldt har eagen strak op it iis rjochte. ‘Jou my oardel perioade, dan ha ik in namme. En ik wol noch in slok,’ seit se en se hâldt har hân freegjend oerside. Lieuwe gniist. ‘Sil ik aanst ek popcorn helje?’

‘Ik tocht datst it nea freegje soest. Mei huning graach. Dochs wol noflik, even Frysk jeuzelje. Moatst ris om dy hinne sjen, se snappe der neat fan,’ laket Becky.

De wedstriid einiget yn in twa-twa lykspul. De romrofte knokpartijen dêr't de NHL bekend om stiet, bliuwe dizze kear út, straffen binne der mar in stik as trije. Becky giet stean en sjocht Lieuwe oan. 'Ik leau dat ik earst in buorrel ha moat, foardat ik in knappe namme foar dy betinke kin.'

Lieuwe lûkt syn wynbrauwen omheech. 'Dat sil dan wol moatte, want sûnder namme kinne je net folle,' seit er mei in stielen gesicht.

'Krekt. Ik wit wol in geskikt plak.'

'Wêrom fernuvert my dat net,' mompelet Lieuwe. Yn de stream fan minsken dy't it stadion ferlitte, heakket Becky har earm hiel natuerlik yn dy fan Lieuwe. In tel sjocht se nei syn reaksje, mar hy docht krekt as is it de gewoanste saak fan de wrâld. Der komt in lyts glimke op har gesicht. Nei in kertierke rinnen bedarje se yn in bar and grill mei Ierske roots en bypassende Keltyske muzyk. Lieuwe fielt him der daliks thús yn de mjuks fan sigarettreek en wiskydampen. Oan it oantal minsken mei Buffalo Sabresshirts te sjen is dit in útfalsbasis dy't faker brûkt wurdt. Nei trije glêzen Jamesons sjocht Becky Lieuwe oan. 'Hiest tocht datst hjir hjoed telâne komme soest?' freget se laitsjend.

'Eh... nee. Dochst dit faker?' Op it momint dat er it seit, hat er al spyt.

'Grappich datst dat fregest, de measte manlju meitsje gewoan gebrûk fan de gelegenheid.'

'Dus...' freget Lieuwe foarsichtich.

'Dus bin ik Becky Koldijk, 24 jier en ja, ik sit wolris faker yn dizze kroech. Soms mei freondinnen, mar it is ek wolris foarkaam dat ik in skarrel hie. Bist no slim teloarsteld?'

Lieuwe skodhollet. 'Sorry foar de stomme fraach.'

'Lit ik mar net om de hite brij hinne draaie, do foelst my op en net allinnich om dyn aksint. Sa.'

Lieuwe wit dat er dat faker heard hat. Hy wie ien fan de populêre jonges op it Nassau Kolleezje op It Feen.

‘Bist hjir allinnich?’ freget Becky dan.

‘Eh...’ Fierder komt Lieuwe earst net, pas nei in pear tellen fertelt er hoe’t hy en syn âlders hjir fersyld rekke binne. ‘En do?’

‘Ach, wol wat fergelykber. Us heit kin samar in klant fan dyn heit wurde, as ik dat sa hear.’ Se sjocht in skoft wat broeierich nei har healfolle glês Jameson. Lieuwe sjocht dat se in kear as wat slokt, krekt as moat se even ta harsels komme.

‘Witst...’

‘Nee, ik wit it net, dêrom freegje ik der nei,’ seit Lieuwe en hy tsjut de barman dat er noch wolris leech oerfleane mei.

‘Wy binne hjir mei ús fjouweren kaam. Alles soe moai wurde, mar ja...’ Opnij falt der in lange stilte. ‘Hiltsje koe it hjir net fine en is weromgien.’ Se faget mei har tomme en middelfinger ûnder har eagen del. ‘Wy hiene alle skippen efter ús ferbaarnd yn Fryslân en der wie gjin mooglikheid foar heit en mem om ek werom te gean. Ik hie thús ek al wat meimakke en wol hjir leaver bliuwe. Dus ja, no bealgje heit en mem har dea op in buorkerij ergens bûten Buffalo om alles mar te ferjitten. Hil wol hjir nea wer hinne en heit en mem ha it jild en de tiid noch net om nochris werom te gean, dus leuk is oars.’

‘Wat in ferhaal,’ seit Lieuwe.

‘Ik wit it!’ ropt Becky dan troch de kroech. Guon fan de gasten sjogge even, mar ferpleatse de oandacht al gau wer nei harren glês drinken en it selskip dêr’t se yn ferkeare. ‘Lenny. Dat is in goede namme foar dy.’

‘Lenny? No, dat wit ik noch net, hear.’

‘Lenny Staal. Dat wurdt it,’ seit Becky beret.

2

Likernôch 47 jier letter

De doar fan it wenarkje klammet hjerstmis en winterdeis yn it kezyn, oant de sinne it focht der maitiids út baarnt en troch de krimp alles dan wer goed yn elkoar past. Dan hoecht Fokke Klingberg it skouder der net mear tsjinoan te triuwen om him goed ticht te dwaan. Mar safier is it noch net. Mei in stik izer tikket er tsjin de donkergriene petroalje-tenk dy't op de wâl stiet. 1200 liter past der yn en hy is noch foar in kwart fol, sa docht nei it tikjende ûndersyk bliken. It is net echt in moderne wize fan ferwaarmjen, mar it hat sa syn foardielen. Hout rikket as je it opstoke, petroalje hast net. Dat is better, want offisjeel wennet Fokke hjir net. It is in geunst fan de eigner fan it grutte hûs, dy't der eins mar in pear wiken yn it jier is. Fokke is de hiembaas, hy past op de winkel, om samar te sizzen. As beleanning wennet er yn it arkje, dat fan de dyk en it brede farwetter tusken It Hearrenfean en Akkrum ôf eins net te sjen is. Der binne wol omwenners dy't fan it arkje en syn bewenner witte, mar se litte it gewurde. Fokke Klingberg wolle jo gjin spul mei ha.

In wolk skoot foar de sinne, dy't it noflik makket foar de tiid fan it jier. Fokke huvert in kear en lûkt de doar mei in klap achter him ticht. Hy sjocht op syn klokje en mei in

tik op it swarte knopke ûnder it hânsel set er de Philips wettersieder oan. As it wetter 100 graden wurden is, makket er in kop Nescafé. Hy sil him even deljaan, as it him yn 't sin komt dat er noch in putsje dwaan moat. It arkje leit 365 dagen yn it jier yn it wetter en der komt hjir en dêr wolris wat lekkaazje foar. In kitspuit mei in tube Sikaflex is de freon fan in soad minsken dy't in boat ha. Hy set de mok mei hite kofje op de tafel, docht de bûtendoar sekuer op slot en krijt de kitspuit. As er it earste stikje opdrûge kit út de tût fan it patroan wrotten hat, docht er in greep ûnder it kessen fan de bank. Hy triuwt op in lyts plankje en je kinne hearre dat der wat ûntskoattelt. Mei wat muoite skoot er de bank nei foaren, sadat in lûk yn de flier foar it ljocht komt. Hy lûkt it iepen en stapt op de heechste tree fan de flisotrep, dy't er dêr spesjaal foar oanpast en montearre hat. De djipte fan de krûpromte is ien fan de geheimen fan syn arkje, hy kin der mei gemak yn komme. Hy tikket op in skeakeler en nei in tel begjin de buis yn de tl-balke te baarnen. Hy sjocht om him hinne, alles liket moai drûch, mar hielendal op de ein hat him in lyts plaske wetter op de stielen flier foarme. It is eins de muoite net wurdich, mar Fokke hechtet der oan om de krûpromte skjûn en himmel te hâlden. As er it lytse lekje bestrutsen hat, docht er in taast achter ien fan de spanten fan it arkje en nei wat wrotten mei in klepke hellet er in mobile telefoan foar it ljocht. Hy set it tastel oan en neidat it opstarten is, trillet it in kear as wat. Fokke lêst de berjochtsjes, knikt, docht de telefoan wer út en pleatst him sekuer werom achter de izeren balke. Mei in klik slút it klepke en wurdt wei. Dan docht Fokke in taast yn ien fan de ferhúsdoozen dy't op skammels steane en klimt troch it lûk wer nei de keamer, dêr't de kachel it yntusken al aardich waarm makke hat. Hy krijt syn jas fan de rêchleuning fan in hege stoel en sjocht nochris nei de tiid. Dêrnei loert er yn de spegel, skeare kin moarn wol wer. Hy lit